



Ljouwert, 1 novimber 2017

PARSEBERJOCHT

By de Afûk is ferskynd: *It sinfol bestean* fan Willem Verf

It sinfol bestean is alwer de sânde roman fan Willem Verf. De beide haadpersoanen, Karin en Jitse, sechtigers, wurde nei mear as fjirtich jier ynienen konfrontearre mei in persoan út har jeugd, dêr't se mei ôfkear oan weromtinke. Wat se mei dy man yn har idealistyske studintetiid meimakken is de reade tried yn dit boek. Dy reade tried is ferfrissele mei harren libbens fan no: beide maatskiplik belutsen, polityk aktyf en sykjend nei in sinfol lêste part fan harren libben. Mar dyselde man soarget no wer foar ûntregeling. Poëtyske passazjes en skrinend realisme wikselje har ôf.

Willem Verf (Snits, 1949) debutearre yn 1982 mei de roman *It bliuwt pielen*, dêr't hy yn 1980 al de oanmoedigingspriis fan it Rely Jorritsmafûns foar krigen hie. Yn 1984 ferskynde syn ferhalebondel *In delgeande tiid*, dêr't er de Fedde Schurerpriis mei wûn. Trije jier letter wied er suksesfol mei de roman *Tiid fan libjen*. Neidat er yn 1993 it boekewikegeskink skreau, bleau it op literêr gebiet in skoft stil fanwege syn bannige wurk en politike aktiviteiten foar GrienLinks. Yn 2008 pakte er de pinne wer op mei *It swijen net wurdich*. *It sinfol bestean* is syn sânde boek.

Boek fan de Moanne

It sinfol bestean is útkeazen as Boek fan de Moanne yn novimber en desimber. It boek is o/m 31 desimber foar mar € 14,50 te keap yn de boekhannel.

Optredens

Op sneintemiddei **12 novimber om 15.30 oere** yn de Schierstins yn Feanwâlden fersoargje Willem Verf en Ale S. van Zandbergen in literêre middei mei muzyk fan Jaap Louwes en op moandeitejûn **20 novimber om 19.30 oere** yn de Bibleteek yn It Hearrenfean.

Boekgegevens

It sinfol bestean

Auteur: Willem Verf

ISBN: 978 94 9217 6653

Aksjepriis o/m 31 desimber: € 14,50. Dêrnei € 19,50

Utfiering: paperback

Siden: 256

www.afuk.frl

www.boekfandemoanne.nl